

GEWIKT & GEWOGEN

In makabere dûns op in slachfjild

Barren: Iepenloftspul *Maïstiid* yn Ryptsjerk troch WIG Produksjes **Tekst en dramaturgy:** Bouke Oldenhof **Rezjy:** Hans van Buuren **Publyk:** 100 taskôgers **Sjoen:** freed 3 septimber
★★★★☆

Troch in minskeheech maisfjild fan 3 hektare wurdt de taskôger nei in iepenloft lounge brocht. Der kinne jo op striepakken by in houtfjoer yn 'e stemming komme foar de foarstelling *Maïstiid*. Eefkes letter wurde jo nei de tribunes brocht, wer troch dat oerweldigjende maisfjild. Wat in fynst. En wat in ymposant begjin fan in iepenloftspul.

WIG Produksjes hat Bouke Oldenhof opdracht jûn it stik *Bloedbruiloft* fan Federico Garcia Lorca te bewurkjen as iepenloftspul en it moat hjir sein wurde: dat hat hy op in hiel effisjinte en ynkringende wize foar inoar krigen. It is in wurkstik mei ferskillende lagen en ek de poëzy ferwachtsje jo eins net by in iepenloftútfiering foar eltsenien. Wat dat oanbelanget toant Oldenhof him drystmoediger as ea.

In barren út it ferline is de motor fan de wraakgefoelens fan in mem, sels as har soan trouwe wol. It stik einget mei in slachfjild, in makabere dûns mei de dea as dûnspartner.

Oldenhof hat de droege ierde fan Lorca ferfongen troch Fryske maisfjilden. It konflikt, it famyl-

jeskeel, hat hjir in maatskiplik-polityk karakter krigen: de tradisjonele bouboer foaroer de biologyske, de Fryske taal foaroer it Nederlânsk, it nei frijheid sykjende yndividu foar- oer de ferstikkende mienskip.

Hans van Buuren hat mei dizze bewurking moaie dingen dien. Alderearst hat hy betûfte spilers tusken de amateurs stâld en dêr krijt dit stik ek in eduka- tyf tintsje mei, want it spyljen fan amateurs komt sa ta in heger nivo. Mar ek fisueel is der in soad te genietsjen. Hynders, in staasje fan brulloftsgasten, ferskowende dekôrstikken as huzen en mais-ekers, en in nue- te ûle krije harren plak. Reek en ljocht soargje foar sterke bylden.

Fansels gong op de prem- jêrejûn net alles nei winsk. Troch de klam te lizzen op it spul, waarden de sênewikselin- gen foar it skoft nochal fertrage, de jonge taskôgers begûnen dan ek ûnrêstich te wurden en in oantal seagen wy nei it drankje net werom. Se hiene net gelyk want nei it skoft wie de span- ning om te snijen, it publyk waard sa stil as in mûs.

It lûd wie de earste tsien mi- nuten net goed regele: de spilers en ek de muzikanten wiene min te ferstean. Lokkich waard dat dwaandewei better. Sa waard it in memorabele jûn op in memo- rabel plak!

GOOITSEN EENLING